

OBE POSTMA

In libben dat bloeide nei syn aard

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 935 8

Earste printing 2017

© 2017, Tineke Steenmeijer-Wielenga en Geart van der Meer

Obe Postma Rige no. 13

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 – 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk: Evelien Veenstra

Foarmjouwing omslach: Peter Boersma

Ofbylding omslach: Tekene portret Obe Postma troch Dick Osinga en hânskrift fers 'Lok' (Kolleksje Tresoar, Ljouwert).

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de P.W. Janssen's Friesche Stichting, de Boersma-Adema Stichting en it Obe Postma Selskip.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatysearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the publisher.

OBE POSTMA
In libben dat bloeide nei syn aard

Tineke Steenmeijer-Wielenga en
Geart van der Meer



OBE POSTMA

In libben dat bloeide nei syn aard

Tineke Steenmeijer-Wielenga

‘Al wat ik skriuw, dat is wier bard’

In skets fan it libben fan Obe Postma (1868-1963) op basis fan syn fersen, brieven en oare teksten, fan famyljeoantekeningen, argiven, publikaasjes en ferhalen

Geart van der Meer

‘Fier haw ik myn dreamen weide

En de himmel iepen sjoen’

Oer Obe Postma as dichter en oersetter

‘Hwat nou dizze fragen fan Jo oangiet, it is for my net lêstich der op to anderjen, hwant alles hwat ik yn dy poezij siz is dochs “wier bard”. Fantasije haw ik net sa sear!’
(O. Postma oan G.A. Wumkes 5/6.12.1952)

Wurd foarôf

Rillegau nei 19 novimber 2006 – de offisjele oprjochtingsdatum fan it Obe Postma Selskip – waard in tsienjierreplan opsteld. Yn dat plan stie dat it Selskip ûnder mear as doel hie it opsetten fan de saneamde Obe Postma Rige. No, goed tsien jier letter binne yn it ramt fan dy rige al tolve publikaasjes ferskynd. It boek, dat de lêzer op dit stuit yn hannen hat, is nûmer trettjin.

De twa skriuwers fan dit boek, Tineke Steenmeijer-Wielenga en Geart van der Meer, hawwe ferskate publikaasjes, û.o. artikels yn literêre tydskriften, boeken, kritiken, skôgingen, webbijdragen en lêzingen oer Obe Postma gearstald.

It docht it bestjoer fan it Selskip wakker deugd in nij boek it ljocht sjen te litten dat libben en wurk fan Postma yn de folle breedte beskriuwt en analysearret. Yn it foarste part fan dit boek jout Tineke Steenmeijer op basis fan al it materiaal dat se yn 'e ôfrûne tiid sammele hat in (min of mear) gronologyske skets fan it libben fan Postma. Yn it twadde part giet Geart van der Meer wiidweidich yn op de bondele en net-bondele gedichten fan Postma. Dy saneamde lêsferslaggen fan Van der Meer binne yn de rin fan de lêste jierren ferskynd yn it blêd *Wjerklank* fan it Selskip. Dêrnêst binne inkelde eardere artikels fan him opnommen oer Postma syn oersettingen (fan Emily Dickinson en Rainer Maria Rilke). Fierder is ek opnommen syn koarte gearfetting fan de filosofy fan Postma (tekst fan de lêzing holden op de jiergearkomst fan 2016).

Hokker profyl kriget Obe Postma yn dit boek? As in *âld skoalmaster*, net hielendal mislearre (sjoch *Samle fersen*, 297)? As in *dichter en wittenshipsman*, dy't freonskip och sa wichtich achte? Men soe it sizze, as men yn 'Fryske fjouwerrigels IV' (*Samle fersen*, 241) lêst: 'Sa is myn steat: ik haw myn freonen fûn / Wêr 'k troch it folk de al-deis wegen gûn. / Wat naam my mei? It wie it iepen stellen, / Eat fan in minske dat in minske wûn.' As in *leafhawwer fan keunst*, lykas in syn hiele libben bewarre ôfbylding fan de David fan Michelangelo en in houten brieve-iepener, dy't syn freon De Boer foar him meinommen hie as sûvenierke út Rome? Of as in *'greidboerssoan fen de klai'*, dy't as gjin oar wist dat it libben einich en fergonklik is, lykas blykt wannear't hy seit 'O skaad fan in libben! / O stadich delgean!'

De lêzer sil dêr, al lêzende yn dit gearfetsjende, rike en útsûnderlike boek, efter komme, dat stiet fêst.

Ut namme fan it bestjoer fan it Obe Postma Selskip,

Jan Gulmans, skriuwer

DIEL I

Tineke Steenmeijer-Wielenga

‘Al wat ik skriuw, dat is wier bard’

YNHALD

Haadstik 1: In boeresoan út Koarnwert	1
1. <i>Hoe't de Postma's yn Koarnwert boer wurden binne</i>	2
2. <i>Hoe't de Postma's oan har skaainamme kommen binne</i>	3
3. <i>Hoe't de Postma's boer wurden binne op de Lytse Pleats</i>	5
4. <i>De húshâlding fan Piter Sikkes</i>	7
5. <i>De húshâlding fan Obe Piter</i>	7
6. <i>Hoe't de Rinia's boer wurden binne yn Koarnwert</i>	9
7. <i>De namme Rinia</i>	10
8. <i>De húshâlding fan Herre Tseards</i>	11
9. <i>De húshâlding fan Tseard Herres</i>	12
10. <i>Obe Postma syn niget oan de famyljeskiednis</i>	15
Haadstik 2: Heit en mem	18
1. <i>Heit</i>	19
a. 'Net in echte boer'	19
b. Heit yn gedichten fan Obe Postma	20
c. It fersewurk fan Piter Obes	21
d. De skoaljierren fan Piter Obes	24
e. Boer op 'e Lytse Pleats	25
f. De húshâlding fan Piter Obes	27
g. Tsjerklike en maatskiplike funksjes	29
h. Karakter	30
2. <i>Mem</i>	31
a. It libbensferrin fan Obe syn mem	31
b. Mem yn Obe syn gedichten	33
c. Mem har brieven oan Obe	36
d. Karakter	39

Haadstik 3: Obe syn jonge jierren	41
1. <i>Bernejierre</i>	41
2. <i>Skoaljierren</i>	45
a. Legere skoalle yn Koarnwert	45
b. Fuortset leger ûnderwiis yn Makkum	52
c. Tariedend heger ûnderwiis yn Snits	54
Haadstik 4: Studintetiid	65
1. <i>Autobiografyske boarnen</i>	65
a. Fersen	65
b. ‘Brieven uit Amsterdam’	67
2. <i>Stúdzje</i>	73
3. <i>Studintelibben</i>	77
Haadstik 5: Learaar	82
1. <i>Postma syn karriêre as learaar</i>	83
2. <i>Promoasje</i>	89
3. <i>Learaar oan de ryks-hbs yn Grins</i>	93
a. Yn Grinslân	93
b. Skiednis fan de skoalle	97
c. Direkteuren	98
d. Kollega’s	103
e. Learlingen	113
Haadstik 6: De freonskip mei Tsjitse de Boer	128
1. <i>Wa wie Tsjitse de Boer?</i>	130
2. <i>De ynfloed fan De Boer</i>	137
3. <i>De aard fan de freonskip tusken Postma en De Boer of Obe Postma en de homoseksualiteit</i>	145
Haadstik 7: Werom yn Fryslân	154
1. <i>Organisaasjes</i>	155
a. Ryksargyf	155
b. Fryske Akademy	158
c. Provinsjale Underwys Rie en oare organisaasjes	164
d. It Frysk	169
2. <i>Oarlochsjierrren</i>	172
3. <i>Prizen en huldgingen</i>	175
4. <i>De ein</i>	184

Haadstik 8: Dichter	187
1. <i>It plak fan it dichterskip yn it libben fan Postma</i>	191
2. <i>De poëzy yn jiertallen</i>	194
a. Debút as Frysk dichter	194
b. Wat hat Postma der om 1900 hinne ta brocht om wer mei dichtsjen te begjinnen?	199
c. It pseudonym en de ferhâlding ta Douwe Kalma	202
d. De bondels	215
Neiskrift	243

DIEL II

Geart van der Meer

‘Fier haw ik myn dreamen weide En de himmel iepen sjoen’

YNHALD

Fryske lân en Fryske libben	251
1. <i>Oanrin</i>	251
2. <i>Fryske lân en Fryske libben</i>	254
3. <i>Gearfetting</i>	262
4. <i>Foarm</i>	265
De ljochte ierde	266
1. <i>Oanrin</i>	266
2. <i>De ljochte ierde</i>	267
3. <i>Foarm</i>	275
4. <i>Beslút</i>	275
Dagen	277
1. <i>Oanrin</i>	277
2. <i>Dagen</i>	279
3. <i>Oereiding</i>	287
4. <i>Foarm</i>	287

It sil bistean	288
1. <i>Oanrin</i>	288
2. <i>It sil bistean</i>	288
3. <i>Oereiding</i>	300
4. <i>Foarm</i>	301
Fan wjerklank en bisinnen	303
1. <i>Oanrin</i>	303
2. <i>Fan wjerklank en bisinnen</i>	304
3. <i>Oereiding en beslút</i>	312
De net-bondele fersen	313
1. <i>Oanrin</i>	313
2. <i>De net-bondele fersen</i>	318
3. <i>Oereiding</i>	328
4. <i>Foarm</i>	328
De Emily Dickinson-oersettingen fan Obe Postma	329
1. <i>Oanrin</i>	329
2. <i>De oersettingen ien foar ien besjend</i>	331
2.1 <i>'To make a prairie it takes a clover'</i>	331
2.2 <i>'If I shouldn't be alive'</i>	333
2.3 <i>'I taste a liquor never brewed'</i>	334
2.4 <i>'These are the days when birds come back'</i>	336
2.5 <i>'I'm nobody! Who are you?'</i>	338
2.6 <i>'Have you got a brook in your little heart'</i>	339
2.7 <i>'Of all the souls that stand create'</i>	340
2.8 <i>'I have not told my garden yet'</i>	342
2.9 <i>'Because I could not stop for Death'</i>	343
2.10 <i>'One dignity delays for all'</i>	346
2.11 <i>'These are the Signs to Nature's Inns'</i>	347
2.12 <i>'The murmuring of bees has ceased'</i>	348
3. <i>Konklúzjes</i>	349
4. <i>Neiskrift</i>	352
5. <i>Foarnaamste Ferwizingen</i>	353

De Rilke-oersettingen fan Obe Postma	355
1. <i>Oanrin</i>	355
2. <i>Inkelde fertalingen fan Rilke ferlike mei de orizjinelen</i>	359
2.1. <i>'Ich bin so jung' (út Mir zur Feier, 1900, yn Frühe Gedichte)</i>	359
2.2. <i>'Ich geh jetzt immer den gleichen Pfad' (1898)</i>	361
2.3. <i>'Das sind die Stunden, da ich mich finde' (1897)</i>	362
2.4. <i>'Kindheit' ('Da rinnt der Schule lange Angst und Zeit') 1905/6</i>	363
2.5. <i>'Was wirst du tun, Gott, wenn ich sterbe?' (1899)</i>	366
2.6. <i>'Der Panther' (1902)</i>	368
2.7. <i>Noch wat losse opmerkingen oer oare gedichten</i>	370
2.8. <i>Konklúzjes</i>	373
3. <i>Ferwizingen</i>	375
Obe Postma (1868-1963) en Rainer Maria Rilke (1875-1926)	377
1. <i>Oanrin</i>	377
2. <i>De Rilke-oersettingen opnij besjoen</i>	377
3. <i>Rilke: de minsk en de dichter – en Obe Postma sels</i>	382
4. <i>Konklúzjes</i>	387
5. <i>Neiskrift</i>	387
Obe Postma: 'fan wrâld-siele' diel en tagelyk 'bern fan de ierde'. (koarte gearfetting fan Postma syn filosofy)	389
1. <i>Oanrin</i>	389
2. <i>Trochbestean as 'byld'</i>	390
3. <i>Ierde = himel</i>	390
4. <i>It libben as 'stream'</i>	391
5. <i>Ivichheidsleauwen</i>	391
6. <i>De al-siele of al-geast</i>	392
7. <i>It ûnderskied tusken no en ivichheid falt wei</i>	393
8. <i>Ienheid fan alle dingen</i>	394
9. <i>Dualisme en monisme</i>	395
Obe en Edna (en noch wat)	399

‘Al wat ik skriuw, dat is wier bard’

In skets fan it libben fan Obe Postma (1868-1963) op basis fan syn fersen, brieven en oare teksten, fan famyljeantekeningen, argiven, publikaasjes en ferhalen

Haadstik 1: In boeresoan út Koarnwert

Oanrin

Ik bin fan 't lân, fan boere- en doarpster folk

En fan it lân kaam my myn ljochtste liet.

Wol mannich man fan Fryske boerestam

Mocht ik in lokglim jaan dy't net fergiet

Yn it gedicht 'Lân en stêd' (283) makket Obe Postma yn trije stappen dúdlik wat de kearn fan syn libben as dichter west hat. Hy docht dat yn de hjirboppe oanhelle earste fjouwer rigels.

Yn de foarste skriuwt er, dat er hikke en tein is op it plattelân en ôfstamt fan boeren en oaren dy't yn it doarpsfermidden har bestean hiene. Yn dy konstatearring – sa rjochtút formulearre – leit besletten, dat dat belangryk foar him is. Hy fielt him ferbûn mei it 'boere- en doarpster folk'. Yn de twadde rigel bringt er noch in oar aspekt nei foaren dat mei it 'lân' te krijen hat: It lân hat him ynspiraasje jûn foar syn 'ljochtste' fersen.

'Lân' moat hjir grif breed opfette wurde. Postma syn 'liet', syn poëzy – en dan benammen de fersen, dêr't de grutste oandwaning, it measte ljocht, de djipste freugde út strielet – hat as boarnen hiel faak it lânskip en de natoer mei syn wikseling fan seizoenen, syn kleuren en roken, de skakearringen fan it ljocht oer in greide mei fee en blommen, it wetter efter de seedyk of in omploege eker boulân. 'Lân' is de hiele lânsdouwe fan syn bertegrûn, mar it binne tagelyk ek de lânskippen dy't er letter sjoen hat en dêr't er it lân fan syn bernejierren yn weromfûn hat. Foar Postma is 'lân' lykas er it hjir brûkt, mear as it Fryske plattelân dêr't er opgroeid is of it fjild dat syn foarfaars bewurken.

Postma is sels gjin boer wurden, mar de bân mei de boerestân en syn leafde foar it lânskip is bleaun. Al libbe er sels letter yn in oar fermidden, hy fielt mei wat de minsken fan it plattelân sjogge en belibje. Hy ken harren wrâld en harren bestean yn de lytse mienskip fan in doarp en wit hoe ôfhinklik hja binne fan de natoer en it waar. As dichter kin er dat ûnder wurden bringe en wol sa, dat er yn de tredde en fjirde rigel fan de hjirboppe oanhelle strofe konstatearje kin: 'Wol mannich man fan Fryske boerestam / Mocht ik in lokglim jaan dy't net fergiet.' Hý makket fersen en kin dêrmei de minsken – en dan benammen dyselden dy't lykas hy fan Frysk boerekomôf binne – in lokkich eagenblik besoargje, dêr't eat fan bliuwende wearde yn is. Ut 'mocht' yn de lêste rigel blykt, dat er syn talint om te dichtsjen as in jefte sjocht. Net sasear as in godlike jefte of in opdracht fan hegerhân, mar mear as in fermogen, eat dat er moai fynt om te kinnen. De lêzer

fielt út dat ‘mocht’, dat it jaan fan in ‘lokglim’ oan oaren de dichter sels ek bliid makket.

It binne útspraken dy’t yn tal fan fariaasjes yn folle mear fersen fan Obe Postma te finen binne, mar it ferbân tusken komôf, ynspiraasje en dichtersfreugde wurdt troch de dichter net faak sa dúdlik lein as yn dit ‘Lân en stêd’ dat er yn 1942 skreau. Mar dy titel is fansels net om ’e nocht sa keazen. Postma hat ek it moaie en oantreklike fan de stêd sjoen en hy ferset him tsjin de opfetting, dat dy ‘foar in fromme lânfeint in fertokjend tsjoed’ (r. 24) wêze soe.

Yn it folgjende haadstik giet it oer syn foarteam en famylje.

1. Hoe’t de Postma’s yn Koarnwert boer wurden binne

Njonken dichter wie Postma natuerkundige fan oplieding en histoarikus út aloan waachsende niget, benammen oan argyfstúdzje. Yn ien fan syn skiedkundige proazateksten, *De fryske buorkerij en it boerelibben yn de 16e en 17e ieu* (Snits, 1937, s. 3) neamt er himsels ‘In greidboerssoan fen de klaei’ en yn dit haadstik wurdt beskreaun, hoe wier dat is en hoe’t er troch de skiednis fan syn foarteam, sawol fan heite- as fan memmekant, net oars wêze koe as in bern fan boeren út de Fryske Greidhoeke.

Obe Piter Postma waard op 29 maart 1868 berne te Koarnwert, in doarp yn de eardere gemeente Wûnseradiel, dy’t sûnt 2011 in part is fan de nije fúzjegemeente Súdwest-Fryslân. Hy wie it earste bern fan Piter Obes Postma (Koarnwert 1835 – Koarnwert 1891) en Sybrichje Tseards Rinia (Koarnwert 1844 – Makkum 1928) dy’t op 18 maaie 1867 boaske wiene. Beide âlden stamme út in famylje fan Wûnseradielster boeren. Yn in yn de neilittenskip fan Jan Piebenga bewarre hânskrift fan Postma mei de titel ‘Koarte libbensrin’ fertelde er: ‘Myn âlden wienen ek beide Koarnwerter boerebern en as jonge hie ik 2 omkes oan heitekant en 4 oan memmekant dy’t lykas heit yn det doarpke boer wienen.’ Syn bertehûs wie de saneamde ‘Lytse Pleats’, doe mei as adres Koarnwert nûmer 6. No is dat Sotterumerdyk 1.

De Postma’s wiene yn Koarnwert boer wurden yn 1826. Ynearsten wie dat net op de ‘Lytse Pleats’, mar op Sottrum, in buorskip ûnder Koarnwert. Yn dat jier wie Obe syn oer-oerpake Obe Klazes Bangma (1755-1826), eigner fan de Sottrumer pleats mei it adres Koarnwert 4, ûnderweis nei Makkum ferûngemakke. Fermer Tseards Rinia, in âld-âldomke fan Obe fan memmekant, skreau dêroer yn syn *Ter Memory voor Pytter Sikkes Postma en Liesbeth Obes Bangma* út 1828 (ôfskrift fan Obe Postma yn skrift 208): ‘22 May 1826 daegs om 10 of 11 uur is Obe Klazes Bangma na Makkum met paerd en wagen gereden en is met paerd en wagen bij de Zedik neergeworpen en met een haagstig dood na de eeuwigheid gegaan omdat zijn peert bang worden.’

Obe syn oerbeppe Lysbert Obes Bangma (1789-1850) wie it iennichst bern fan Obe Klazes Bangma en Akke Frearks (1767-1793) en urf harren besit. Hja wie op 12 july 1811 troude mei Piter Sikkes Postma (1783-1872), berne te Skraard. Ynearsten buorken Piter en Lysbert te Wûns en yn dat doarp binne de âldste bern, Sikke en Obe, berne. Letter is de húshâlding ferfearn nei Ingwier, dêr't Sybren en Akke te wrâld kommen binne.

*Piter Sikkes Postma, Obe syn oerpake
(Famyljealbum D. Elgersma).*

Nei de hastige dea fan Obe Klazes is der troch Piter en Lysbert yn Ingwier boelguod hâlden op 13 april 1827, mar de kâns is grut, dat hja al earder buorken op de pleats dy't Lysbert urven hie. Piter Sikkes bleau dêr oant syn dea yn 1872 en waard opfolge fan syn pakesizzer en folsleine genamt.



Dyselde pleats (nûmer 4) is yn 1893 ôfbaarnd. Tseard Herres Rinia skreau dêroer yn syn oantekenboek: 'In 1893 is door de bliksem afgebrand de boerderij staande te Sotterum aan de zeedijk van Pietter Sikkes Postma en niet weer opgebouwd bovengenoemde Postma was kort voor die tijd overleden.'

2. Hoe't de Postma's oan har skaainamme kommen binne

Yn de Napoleontyske tiid waard de Boargerlike Stân ynfierd en moasten alle gesinshaden in skaainamme opjaan. Op 18 desimber 1811 liet yn de Gemeente Witmarsum, Canton Bolsward, Arrondissement Sneek, Departement Vriesland Sikke Piters fan Skraard foar him en syn fjouwer bern de namme 'Postma' fêstlizze.

Sikke ferklearre net tekenje te kinnen, dat folle ûnderwiis sil dy oer-oerpake fan Obe Postma net hân hawwe. By de troch him opmakke kertiersteat notearre Postma, dat ien fan syn foarfaars as boer yn de Wûnser Weeren yn 1744 fan syn 33 stiks hoarnfee 32 bisten ferlern hie troch de feepest. De man dy't dat oerkommen wie, wie de heit fan dizze Sikke Piters en miskien ferklearret dat, wêrom't dy de hân net sette koe.

Sikke Piters wie menist en mei't de folgelingen fan Menno Simons fan Wytmarsum de bernedoop as net-bibelsk fersmite, is syn bertedatum net krekt optekene. De âldste skriftlike fermelding fan syn bestean is dy fan syn doop op

20 jannewaris 1769 yn de Fermanje fan Makkum. Hy is op 23 oktober 1826 rêst te Skraard en wie doe 82 jier âld, wat betsjut, dat er yn 1744 of miskien noch yn de lêste moannen fan 1743 berne wêze moat, krekt yn de minne tiid doe't gâns boeren yn Fryslân troch in twadde grutte útbraak fan de feepest yn de achttjinde iuw, yn 'e nederklits rekken.

Sikke Piters wie de âldste soan fan Piter Sikkes en Brechtsje Wybes dy't buorken te Wûns. Hy troude op 23 maart 1783 mei Grytsje Tseards (letter Feenstra) fan Skraard en waard boer yn har bertedoarp. Dêr binne ek de sân bern te wrâld kommen: Piter, Hinke, Brechtsje, Dieuwke, Antsje, Tseard en Wypkje. Doe't Sikke Piters yn 1811 de famyljenamme Postma fêstlizze liet, wiene Hinke, Brechtsje en Wypkje al net mear yn libben.

Dochter Dieuwke troude yn 1814 te Tsjerkwert mei Jacob Harmanus' Oneïdes en skreau har namme doe as 'Posthumus'. Har suster Antsje ûndertekene yn 1822 by har houlik mei Roelof Franks van Diepenbos mei 'Postuma'. Soks bewiist, dat de famyljenammen doe noch net sà faak brûkt waarden dat der gjin twifel mear wêze koe oan de kreative foarm. Tagelyk kinne 'Posthumus' en 'Postuma' ús op it spoar bringe fan de reden wêrom dizze famylje yn 1811 de skaainamme Postma opskriuwe litten hat. Neffens Johan Winkler yn syn *Friesche Naamlijst (Onomasticum Frisicum)* kinne de oarspronklike foarm Postema en de farianten Postma en Postsma ôflaat wurde fan in manljusnamme Poste. Dy namme is de auteur lykwols nea tsjinkommen. De namme Postma is – sa skriuwt Winkler – op it lûd ôf latinisearre ta Postuma en de manlik makke foarm Posthumus 'alsof deze naam een zoon moest aanduiden, na des vaders dood geboren'. Winkler syn toan is kritysk oer dy ferklearring, mar dochs skynt dy yn it gefal fan de famylje fan Obe Postma wol de oarsprong fan de namme oan te tsjuten.

Soks wurdt befêstige troch de genealooch Y. Brouwers yn in op Tresoar berêstend rapport (RAF, gen.). Hy hat behalve yn doop- en trouboeken ek yn proklamaasje- en hypoteekboeken fan Wûnseradiel socht nei de foarteam fan de dichter en skreau op grûn fan wat er fûn hie, dat Piter Sikkes Postma (stoarn tusken 1749 en 1758), de pake fan Obe syn oer-oerpake mei deselde namme, in soan wie fan Sikke Sikkes Postma. Fan dy Sikke Sikkes is de trou-akte fan syn houlik mei 'Djouke Doekeles' op 15 maaie 1701 te Longerhou bewarre en op dy akte komt de namme Postma al foar. Hy moat foar 1718 stoarn wêze, omdat yn dat jier syn widdo op 'e nij troude. As bern út it earste houlik wurde Sikke, Jelte, Piter en Jan Sikkes neamd. Brouwers beslút it rapport mei in konklúzje oer it ûntstean fan de namme: 'We hadden tot voor kort de naam Postma. Daarbij is nu het gegeven gekomen dat de oudste nu bekende Postma Sikke Sikkes heette. We zitten hiermee waarschijnlijk al dicht bij het ontstaan van

die achternaam. Het is namelijk waarschijnlijk dat het de vader van deze Sikke was die jong overleed, voor of kort na de geboorte van een zoon. Naar Friese traditie krijgt die zoon dan de naam van zijn vader, Sikke mee. En tevens de “toenaam” Postma (of Posthumus of iets dergelijks, d.w.z. posthuum geboren. Het kan ook nog dat iets dergelijks zich al een generatie eerder afspeelde en dat onze nummer 64 [d.i. Sikke Sikkes Postma, boer te Skettens yn 1708, tsw] de (oudste) zoon was van een posthuum geboren Sikke.’

3. Hoe't de Postma's boer wurden binne op de Lytse Pleats

Dat Lysbert Bangma en Piter Postma nei de dea fan Obe Klazes yn 1826 dy syn buorkerij yn besit hiene, blykt ek út in skuldbrief, opmakke yn 1835 doe't hja jild lienden fan Jeltsje Herres Rinia en as ûnderpân dy pleats fan 44 bunder ynsetten. Neffens de omskriuwing fan de notaris wie it spul doe ‘by de debiteuren zelve in gebruik en hun in volledigen eigendom toe behorende’ (Tresoar, tagong 26, repertoire notaris F.Y. de Boer 100009, akte nr. 267).

Ta it erfskip dat Lysbert Obes tafoel, hearden ek noch twa perselen lân dy't diel útmakken fan de ‘Lytse Pleats te Koarnwert’. Mei dy beide perselen is foar de Postma's it besit fan dy pleats begûn. Fia har mem (Akke Frearks) en har pake (Freak Martens) stamde Lysbert ôf fan Marten Jorkes. Freak Martens wenne yn 1811 yn 'e Wûnser Wearen en naam as famyljenamme Weerstra oan. Har heit, Obe Klazes, joech as famyljenamme Bangma op, in namme dy't yn syn famylje al langer brûkt waard. Obe Klazes en syn frou wiene neef en nicht. Fia syn mem, Lysbert Martens, stamde ek Obe Klazes ôf fan Marten Jorkes dy't meester-timmerman, boer en tsjerkfâd te Koarnwert west hat. Foar de tsjerke dêre makke er by de restauraasje fan 1740 de banken, de preekstoel en it doophek mei houtsnijwurk. Hy hat hierboer west op twa Koarnwerter pleatsen, yn it Speesjekohier de nûmers 6 en 7. De lêstneamde is de ‘Lytse Pleats’, mar dy namme waard doe noch net brûkt. By 1753 stiet yn dat kohier: ‘Claes Obes begint voor de tweede plaats’. Dy ‘Claes Obes’ is de heit fan Obe Klazes. Hy wie trouw mei Lysbert Martens en is dus in skoansoan fan Marten Jorkes. By de ferdieling fan dy syn erfskip yn 1778 urf er ‘nomine filiae’ fan syn skoanheit, wat betsjut, dat syn frou doe al stoarn wie. Nei de ôfsplitsing fan in part fan de pleats yn 1753 hat Claes Obes op dat lytste part buorke oant 1756. Yn dyselde snuorje sil it wenhûs boud wêze. Yn de jierren, dat Obe Postma syn âlden dêr wennen, hie de buorkerij noch it uterlik fan in 18de-iuwske pleats.



De Lytse Pleats te Koarnwert, it âldershûs (Kolleksje Tresoar, Ljouwert).

It is bysûnder, dat Obe syn bertehûs foar in part of yn syn hiele hear en fear bebuorke is troch ferskate persoanen dy't ta syn foarteam rekkene wurde kinne. Alderearst is dêr de tûke fan Lysbert Obes Bangma, fan wa't de foarfaar Marten Jorkes en nei him Klaas Obes en Freark Martens de pleats as hierboeren bebuorke hawwe yn de 18de iuw.

Yn 1832 sleat Lysbert Obes har man, Piter Sikkes Postma, in hierkontrakt ôf foar de Lytse Pleats mei as betingst, dat hysels ôf ien fan syn soannen dêrop buorkje mocht (hierkontrakt yn Kingma-argyf op Tresoar, tagong 98, inv.nr. 538). Doe't de pleats yn 1841 op buorden kaam, wie de âldste soan, Sikke Piters, noch altyd de brûker. It slagge Piter Sikkes en Lysbert Obes doe om eigner te wurden fan it wenhûs, seis fan de âlve perselen en foar de helte fan nochris twa. De twadde soan, Obe Piters, foar wa't Piter Sikkes yn 1836 Sottrum 3 hierd hie, hat nei de dea fan syn earste frou yn 1848 noch in skoft arbeider west op de Lytse Pleats en fan 1857 ôf wie dy syn âldste soan Piter Obes boer op deselde pleats.

Fan Obe syn memme kant is der likegoed in bining mei de 'Lytse Pleats'. It wiene har pake en beppe, Herre Tseards Rinia en Reinskje van der Sluis, dy't him yn 1810 kochten (Tresoar, Kingma-argyf, tagong 98, inv.nr. 272) en nei dy harren ferstjerren (yn respektivelik 1819 en 1827) hearde er ta it erfskip fan de trije muoikes fan Sybrichje Postma-Rinia: Jeltsje Kingma-Rinia, Joukje de Jong-Rinia en Sybrichje Kingma-Rinia. Hja wiene it dy't de 'Lytse Pleats' yn 1841 (foar in grut part) ferkochten oan Piter Sikkes Postma.

Yn de *Ljouwerter Krante* fan 23 novimber 1841 waard it te feiljen besit beskreaun as: 'Eene vruchtbare Zathe en Landen, met derzelve goed gebouwde

Huizing no. 6, staande en gelegen aan de Cornwerder Opvaart, nabij den dorpe Cornwerd, de Kleine Plaats genaamd, groot over het geheel 23 bunder 51 roeden 59 el, rijkelijk vruchtdragende Greidelanden, ten Kadaster bekend gemeente Makkum, in sectie B nos. 166, 167, 168, 394, 382, 383, 367, 380, 377, 368, 299, 387 (...)

By it ferstjerren fan Piter Obes Postma yn 1891, hie dy lykas út syn testamint bliken docht, ek noch oare besittingen, mar wat de Lytse Pleats oangiet, wied er doe foar in tredde part eigner yn 'eene Zathe en landen te Cornwerd kadastraal bekend Gemeente Makkum Sectie B onder nummers 166. 168. 160. 361. 363. 368. 379. 381. 382. 383. 395. 404. 405. 493. 1179 en 167 geheel groot 24 hectare 84 are 30 centiare'. De oare twa treddeparten hearden ta it erfskip fan de oare erven fan syn pake Piter Sikkes.

4. De húshâlding fan Piter Sikkes

Piter Sikkes Postma en syn frou Lysbert Obes binne mei fjouwer bern nei Koarnwert kommen: Sikke (1812-1887), Obe (1814-1853), Sybren (1816-1844) en Akke (1819-1844). Nei de dea fan syn frou yn 1850 bleau Piter op 'e pleats wenjen. Nei de dea fan harren heit yn 1853 wennen guon fan de bern fan syn soan Obe by him yn. Neidat Lysbert Obes yn 1858 mei Douwe Rinia troude wie, is yn 1859 Piter Sikkes syn suster Antsje (1792-1884) as húshâldster by him yn kommen. Hja is oant syn dea yn 1872 by him bleaun. Yn 'De Skraarder toer' (57) hat Postma har neamd as 'Us muoike dy't al pake' muoike wie'.

Sikke Piters waard hierboer op de Lytse Pleats yn 1832, lykas hjirboppe al ferteld is. Hy troude yn 1839 mei Antsje Wypkes Terpstra fan Kimswert. Yn 1841 doe't syn heit foar in grut part eigner fan de pleats wurden wie, buorke Sikke der noch op, mar ôfgeand op de berteplakken fan harren bern binne Sikke en Antsje tusken 1845 en 1847 nei Kimswert ferfearn.

Sybren troude yn 1844 mei Wypkjen Rintsjes Bangma, mar kaam yn itselde jier al te ferstjerren. Syn widdo troude yn 1848 mei in neef fan har earste man: Catrinus Oneïdes, in soan fan Dieuwke Sikkes Postma, in oare suster fan Piter Sikkes. Akke Piters troude yn 1843 mei de Makkumer Marten Hylkes Kingma (1817-1901), mar rekke al yn 1844 wei.

5. De húshâlding fan Obe Piters

De twadde soan fan Piter Sikkes en Lysbert Bangma, Obe syn pake Obe Piters, is sûnt 1827 op Sottrum 4 opgroeid, mar buorke letter op nûmer 3, in pleats dy't syn heit yn 1836 foar him hierd hie neffens in akte dy't bewarre is yn it Kingma-argyf (Tresoar, tagong 98. inv.nr. 700). Yn datselde argyf is in brief fan J. Kingma oan de eignaresse fan de pleats bewarre mei it fersyk om út namme fan de hierder Piter

Sikkes Postma in hierkontrakt op te meitsjen foar en op namme te stellen fan dy syn soan Obe. Piter Sikkes en syn frou en Durkje har mem Grytsje Sjoerds Posthuma widdo fan Jan Gabes Haarsma, 'landbouwersche woonende te Piaam' binne syn boargen. Obe PETERS wie op 16 maaie 1835 troude mei Durkje Jans Haarsma (1815-1848), in boeredochter út Piaam. Neffens de trou-akte wie Obe PETERS doe noch sûnder berop, wat grifbetsjut hat, dat er by syn heit yn it wurk wie. Op 27 septimber fan itselde jier waard der al in stamhâlder berne, dy't neffens de tradysje neamd waard nei syn pake fan heite kant. Dy Piter OBES, is fanwege it hastige houlik fan syn âlden, wierskynlik noch berne yn it hûs fan syn pake en beppe, mar dochts as jong bern al nei nûmer 3 ferhuze.

Syn bruorren en susters binne op nûmer 3 berne. Dat wiene: Grytsje (1835-1872), Lysbert (1839-1869), Jan (1841-1909), de twilling Sikke (1843-1851) en Gabe (1843-1844), Gabe (1845-1876) en út Obe syn twadde houlik mei Aaltsje Jetses de Jong (1814-1857): Akke (1851-1907) en Sikke (1852-1853). Yn 1847 hat Durkje Postma-Haarsma in lytse twa moanne foar har dea noch in befalling fan in deaberne jonkje trochmeitsje moatten.

Oer de dea fan Obe Postma syn pake en beppe fan heitekant skreau syn muoike Antsje Rinia-Yntema yn ien fan har oantekenboekjes: 'Den 29 November 1853 is te Cornwerd overleden Obe Pieters Postma aan een uit terende ziekte in den ouderdom van 39 jaaren begraven te Cornwerd' en 'Den 22 Januarij 1848 is te Cornwerd overleden Durkje Jans Haarsma oud zoo wat 33 jaar begraven te Cornwerd in leven Echtgenoot van genoemde Obe Postma toen nog nalatende 6 kinderen zij overleed ook aan tering'. It sil Antsje ynteressearre hawwe, omdat Durkje in suster fan har mem en dus in muoike wie.

Grytsje OBES Postma troude yn 1859 mei Sjoerd Ynzes Sterkenburgh, boer te Skernebuorren by Ferwâlde. Se krigen twa bern. De twadde dochter, Lysbert, bleau yn Koarnwert nei har houlik yn 1858 mei Douwe Tseards Rinia. Yn 1869 is hja lykwols al rêst nei lang siik west te hawwen. It houlik bleau sûnder bern. Jan troude yn 1881 mei it Koarnwerter famke Ymkjen Jorrits Roedema. Hy hie in skoftsje in lytse komelkerij yn Makkum, mar waard letter arbeider. Jan en Ymkjen krigen ien bern, Obe Jans, berne yn 1884. Hy groeide op by famylje fan syn mem, dy't yn 1888 opnommen wurde moast yn Frjentsjer en dêr yn 1916 stoarn is. Obe Jans emigrearre yn 1907 nei Amearika, troude dêr en krige in tal dochters. Mei syn heit is it net goed ôfrûn. Hy waard yn 1888 nei de Rijkswerkinrichting te Hoorn stjoerd, mar wie in pear moanne letter al wer thús. Fan 1889 ôf hat er op ferskate plakken – ek noch wol yn Koarnwert – as boerearbeider oan it wurk west. Hy is yn 1909 yn it Makkumer earmhûs ferstoarn.

Fan de twillingen is Gabe as poppe al weirekke en Sikke as skoalbern, wylst de twadde Gabe eins nea selsstannich wurden is. Hy libbe nei de dea fan syn

âlden yn Koarnwert sûnder berop by famylje, earst by syn pake, doe by syn âldste broer Piter en letter tegearre mei Jan yn in húske op 'e buorren. De twadde Sikke út it twadde houlik fan Obe Piters is ek hiel jong ferstoarn. Akke waard nei de dea fan har healsuster Lysbert húshâldster by har sweager Douwe Rinia, soarge ek noch in skoft foar Gabe en Jan, mar krige in eigen húshâlding troch har houlik yn 1874 mei har neef Piter Sikkes. Sadwaande kaam se wer werom op de pleats fan har pake op Sottrum, dêr't dy genamt fan syn pake sûnt dy syn dea yn 1872 boer op wurden wie. Harren earste jonkje is jong stoarn, in twadde Sikke hat libbe fan 1883 oant 1963. Nei de dea fan har man en it ôfbaarnen fan de pleats yn 1893 is Akke nei Makkum gien, dêr't hja yn 1907 rêst is.

6. Hoe't de Rinia's boer wurden binne yn Koarnwert

De famylje fan Obe syn mem, de Rinia's, hawwe yn de 17de en 18de iuw yn Koarnwert dykwurkers west, mar Obe syn oer-oer-oerpake Tseard Hessels (1710-1783) wie hierboer yn Wûns. Lykas Piter Sikkes Postma letter dwaan soe, troude er (neidat er foar de twadde kear widner wurden wie) yn 1748 mei in Koarnwerter boeredochter: Joukje Sybes. In omke fan Obe Postma, de al neamde Douwe Tseards Rinia, hat yn 1885 in 'Familiestamboek' oanlein, dêr't er syn stambeam yn begjinne lit mei Herre Hessels, Hessel Herres en Tseard Hessels. Oer lêstneamde foarfaar skreau er: 'Die ouwe jongen zal ook wel gezien hebben dat het beter eigen boer is te wezen, dan huurboer.' Yn it Stimkohier wurdt yn 1728, 1738 en 1748 Eelk Joukes, widdo fan Sybe Fermers, neamd as eignaresse en brûkster fan sathe nûmer 9 yn Koarnwert. Yn 1758 is Tseard Hessels, dy't yn 1748 troude mei Eelk har dochter Joukje Sybes de brûker, wylst syn frou mei har susters as erven fan Eelk Joukes eignaressen binne. In broer fan Tseard, Herre Hessels (troude mei Murkje Sybes, in suster fan Tseard syn frou), hat nei it ferstjerren fan Eelk Joukes koart buorke op de pleats fan syn skoanmem, mar hy is yn 1749 al stoarn. Herre en Murkje hawwe wol bern hân, mar dy binne grif net âld wurden, want hja wurde net neamd as erven. In tredde suster, Martsen, is troude mei Jelger Gosliga, ûnderwizer te Koarnwert, mar letter ek boer. Yn 1778 binne Joukje en Martsen beide foar de helte eignaresse fan de pleats. Fan in fjirde suster, Lysbert is allinne bekend, dat hja yn 1736 troude is mei Gerrit Gosses, mar fierder is oer har yn Fryslân neat te finen. Letter hat Tseard Hessels de erven fan Martsen útkocht (Familiestamboek Douwe Rinia). Njonken nûmer 9 hiene de bern fan Tseard ek nûmer 8 yn besit. Joukje Sybes hie dy pleats yn 1815 kocht, wylst hja al widdo wie (Tresoar tagong 26, repertoire 18006, akten notaris Nicolaas Meijer yn Boalsert). Nei de dea fan har âlden hawwe Hessel, Herre en Fermer Tseards de beide pleatsen dy't hja urven hiene sadanich ferdielt, dat Hessel en syn net-troude broer Fermer tegearre nûmer 8 krigen (95,5 pûnsmiet)

en Tseard nûmer 9 (goed 66 pûnsmiet) (Tresoar tagong 26, repertoire 18040, akten notaris Nicolaas Meijer, Boalsert).

Te begjinnen by Tseard Hessels hawwe fiif generaasjes Rinia boer west yn Koarnwert: Tseard Hessels, Herre Tseards, Tseard Herres, Herre Tseards en Tseard Herres. Sa likernôch tagelyk mei Herre Tseards sr. buorken ek syn bruorren Hessel en Fermer ('Fermerom' yn Postma syn gedicht 'De bûthúsbank' (273) yn Koarnwert en njonken Herre Tseards jr. syn bruorren Douwe en Sybrand, wylst harren suster Sybrichje boerinne wie op de Lytse Pleats. Doe't Douwe yn 1912 ferstoarn wie, die bliken, dat er syn buorkerij by testamint neilitten hie foar de helte oan Sybrichje en foar de oare helte oan syn omkesizzer Tseard Herres, omdat hja doe de iennigen wiene fan de Rinia's dy't noch yn Koarnwert buorken. De lêsteneamde, in neef fan Obe Postma, is yn 1917 nei Makkum ferhuze om dêr te rintenerjen. Syn soan wie ûnderwilens natuerkundich yngenieur wurden en wurke yn Eindhoven as haad fan it ferneamde 'nat. lab' fan Philips. Dy Herre Tseards hat oan Postma yn 1948 noch in brief skreaun by gelegenheid fan dy syn 80^{ste} jierdei:

Het heeft mij veel genoeg gedaan U en Nicht Liesbet vorig jaar nog eens op te kunnen zoeken. Nu Moeder ook overleden is, is U nog haast de eenige uit onze familie van de generatie van mijn ouders'

7. De namme Rinia

It wie op 17 desimber 1811 Herre Tseards, Obe syn oerpake fan memmekant, dy't foar himsels en fjouwer bern (Tseard, Jeltsje, Joukje en Sybrichje) de namme Rinia oannaam. De twadde soan, Sybren, wie doe al ferstoarn. De namme Rinia en farianten dêrfan wiene al generaasjes lang yn gebrûk by de famylje. Sa waard Herre Tseards (1754-1819) by de doopynskriuwing fan Sybren yn 1792 'Ringja' neamd en by dy fan Joukje yn 1797 'Rijnja'. Syn broer Fermer (1760-1848) liet op 17 desimber 1811 de namme Rinia fêstlizze, mar ûndertekene mei 'Rijnja'. Joukje Sybes tekene de akte fan it oankeapjen fan sathe 8 yn Koarnwert yn 1815 mei 'Joukjen Syebes Ringea'.

Obe syn oerpake Herre Tseards sr. wie op 3 maaie 1789 te Koarnwert trouw mei Reinskje Sybrands van der Sluis (1763-1827). Har heit wie as 'strandmeester' yn tsjinst by it wetterskip 'De Vijfdeelen Zeedijken', mar letter hied er ek buorkerij. Reinskje har heit, Sybrand Alberts, wie in boeresoan út Reahel dy't neffens de famyljeoerlevering syn heit net opfolgje kinnen hie, trochdat dy, nei twa kear al syn fee oan de pest ferlern te hawwen, fan de pleats moatten hie.

Neffens har akte fan ferstjerren wie oerbeppe Reinskje berne te 'Helvoetsluis' wat befêstige wurdt troch har ynskriuwing as 'Reynskeen', dochter fan Sybrand

Alberts en Jeltsje Jans, yn de doopboeken fan Hellevoetsluis. Hja is sadwaande de iennige fan Obe syn acht oerpakes en beppes dy't net út Wûnseradiel komt.

8. De húshâlding fan Herre Tseards

Herre en Reinskje Rinia-Van der Sluis krigen fiif bern: Tseard (1790-1869), Sybren (1792-1802), Jeltsje (1794-1869), Joukje (1797-1855) en Sybrichje (1802-1847). Jeltsje troude mei Hylke Martens Kingma fan Makkum en sadwaande waard dy âld-muoike fan Obe Postma sa deftich, dat hja 'Tante' neamd waard, neffens syn brief fan 2 desimber 1946 oan Herre Halbertsma mei it folgjende P.S.: 'Wy hawwe noch in portret fan de beppe fan jou pake, ús Tante Jeltsje ("Tante" as deftiger as ús oare muoikes!). It liket net sa'n maklike dame west to hawwen.'



Jeltsje Kingma-Rinia, in muoike fan Obe syn mem (Famyljealbum D. Elgersma).

Hylke en Jeltsje krigen fjouwer jonges en twa famkes.

De twadde dochter fan Herre en Reinskje, Joukje, troude mei de Jouster keapman Sytse Sytse de Jong (1795-1871). Hja krige njoggen bern fan wa't fiif op jonge leeftiid stoarn binne. Fan de oerbleaune fjouwer rekke mar ien (Sytse) troude, wylst de oaren (Yke, Reinder en Tseard) mei har trijen buorken te Westermar. As lêste fan har hat Tseard de Jong koart foar syn dea yn 1921 de stichting "Gebroeders de Jong's Leen" yn it libben roppen, dêr't jongelju út de neiteam fan Herre Rinia en Reinskje van der Sluis in stúdzjebeurs fan krije kinne.

Sybrichje troude mei Jan Martens Kingma (1802-1875), in broer fan har sweager, en krige mei him tsien bern, njoggen soannen en ien dochter.

Dy Sybrichje Rinia en har âldste suster Jeltsje hierden yn har jonge jierren in keamer yn it flek Makkum om as Koarnwerter boeredochters ek ris fan it libben yn de 'stêd' genietsje te kinnen. Postma skreau dêroer yn *De fryske boerkerij en it boerelibben yn 'e 16e en 17e ieu*:

'Sa skynde dus de ieuwen oer de libbene, ljochte stêd it boerefolk to lúken. Dy fammen kamen letter for goed yn it greate doarp, omt hja beide mei in Makkumer fabrikant trouden.'

9. De húshâlding fan Tseard Herres

It âldste bern fan Herre en Reinskje van der Sluis (en foar dizze skiednis it belangrykste omdat it de pake fan Obe Postma wurde soe) wie Tseard Herres Rinia. Oer him fertelde syn mem neffens it ferhaal ‘De Frânsken te Makkum’ (*For Hûs en Hiem*, 1889) skreaun troch Baukje van Someren Greve-Kingma, in dochter fan Jeltsje Kingma-Rinia:

Yn 1812, do-t ús iennichste soan [syn bruorke Sybren wie yn 1802 stoarn tsw] 22 jier wier, waerd er opropfen for de tsjinst, om Bonaparte, dy nou keizer fen Frankryk wier, to folgjen op dy freeslike tocht nei Ruslân; mar do-t er om ien fen syn fingers ôfkard waerd, koene wy for in slompe jild ien for him yn 't plak stelle.

De famyljeoerlevering wol hawwe, dat Tseard Herres sels in stik fan in finger ôfkappe hie om frij fan de tsjinst te bliuwen, mar dat dat him net holpen hie. Hoe dan ek, der gie foar 3300 gûne in remplant, de Harnzer mast- en pompmakker Sipke Tjipkes Blok, nei Ruslân ta. Hy is net wer weromkommen en de famylje hat op 1 maaie 1834 it lêste fan de skuld oan de neibesteanden foldien (oantekeningen oer it ôfbeteljen fan de skuld, dêr't sath 9 as ûnderpân foar tsjinne, op in akte fan notaris Sjoerd S. Wijnsma út Harns fan 1812 dy't bewarre wurdt troch Nynke de Boer te 's-Hertogenbosch, in pakesizzer fan Tseard Herres Rinia jr.).

Tseard sr. troude yn 1824 mei Meindertsje Douwes Yntema (1803-1865), berne te Penjum. Ynearsten wennen se op de Lytse Pleats, wylst Tseard doe tagelyk ek al boer wie op nûmer 9. De namme ‘Lytse Pleats’ foar Obe Postma syn bertehûs is wierskynlik doe yn gebrûk rekke. Neidat Tseard syn mem nei Makkum ferfearn wie, kamen de jongelju op de grutte pleats.

Hja krigen acht bern. De âldste wie Reinskje (1825-1888) dy't de frou waard fan Jan Jans Haarsma, in broer fan Obe Postma syn beppe fan heitekant. Hy wie boer te Piaam (op de Nynke-pleats), mar wenne sûnt 1874 as rintnier yn Makkum, dêr't er op 5 maart 1882 ferstoarn is. Jan en Reinskje Haarsma-Rinia hiene gjin bern en doe't Piter en Sybrichje Postma-Rinia harren op 18 maaie 1882 berne famke nei de widdo neamden, waard dat troch muoike sa op priis steld, dat hja, yn har yn 1886 opmakke testamint, de lytse Reinskje betocht mei in erfskip fan tûzen gûne. Jan en Reinskje Haarsma-Rinia wiene fromme lju dy't ek jild joegen oan de kristlike skoalle, dy't yn Makkum al yn 1863 stifte is. Jan Jans makke yn 1882 sels in ein oan syn libben fanwege swierssettigens. Syn sweager Douwe bewarre it briefke, dat er foar syn frou dy't nei tsjerke wie, skreau, foardat er him ferhong: ‘5 Maart 1882 ik ben het leven ziek en wensch te sterfen (...) J J Haarsma’.

It twadde bern fan Tseard Herres Rinia en Meindertsje Douwes Yntema